

Frysktalich tydskrift foar Noardeast-Fryslân

Tsjil

Us lânskip

MOAIE
FERHALEN

POSTER
FOAR THÚS

Seewiersjips

It feroarjende lânskip

Op paad yn Noardeast-Fryslân

FOTO- EN
POËZY-
WEDSTRIID

Berneboargemaster
Menthe makket wat mei!

- 3** **Kom fierder**
Brief fan de wethâlder
- 4** **Gedicht**
Spoaren
- 5** **Sjoch my**
Berneboargemaster Menthe
- 6** **Koart ferhaal**
Pingo
- 8** **Tsjek dit**
Aardige weetsjes
- 10** **Lang lyn**
Heech wetter
- 12** **Poster**
It ferhaal fan ús lânskip
- 14** **Opdrachtside**
Fragen by de lânskipsposter
- 15** **Sydstrjitsje**
De Griene wei en It Paradyse
- 16** **No sa!**
Hoe't ús lânskip feroare
- 18** **Resept**
Seeslaadsjips
- 19** **Eefkes foarstelle**
Leppelbekken
- 20** **Op paad**
Der op út
- 22** **Puzelside**
Puzels en mopkes
- 23** **Wedstriid**
Fotografen en dichters socht
- 24** **Strip**
In fisk op it drûge



5



10



18

GEMEENTE
NOARDEAST
FRYS LÂN

Dizze **Tsjil** is in tydskrift foar learlingen fan groep 7-8 fan it pû en klasse 1-2 fan it fû

Redaksje:
Aukje Dijkstra, Tatjana Jensma
en Tjitske van Akker
Korreksjes:
Tsjomme Dijkstra
Opmaak:
Dandez (Daniël Gerritsen)
Foto foarkant:
Jacob van Essen

Redaksje-adres:
Cedin
Lavendelheide 21
9202 PD Drachten
tsjil@cedin.nl

Cedin

Dizze spesjale útjefte fan Tsjil is fergees nei de skoallen yn Noardeast-Fryslân stjoerd. De digitale ferzy en de byhearrende lesbrief binne te finen op www.noardeast-fryslan.nl/landschapsbiografie.

De redaksje fan Tsjil hat besocht om fêst te stellen wêr't byldmateriaal weikomt om de fereaske tastimming foar publikaasje te krijen. Elk dy't lykwols tinkt rjochten te hawwen, kin kontakt opnimme mei tsjil@cedin.nl.

Wj ynvestearje yn de Fryske taal en kultuer. Nei oanlieding fan lânskipsbioğrafyen fan ús gemeente kin elk mear kennis oer ús lânskip krije. Troch historysk besef fan de eigen omjouwing, wurdt de belutsenheid en leefberens grutter. Dêrmei sil der mear hoeden mei it lânskip omgien wurde. Dizze Tsjil hat as doel de kennis fan de eigen omjouwing te fergrutsjen en de Fryske taal te stimulearjen.

Brief fan de wethâlder

Spesjaal foar de jongerein fan sawat 10 oant 14 jier is dizze Tsjil makke. Yn dit tydskrift giet it oer it lânskip fan ús moaie gemeente Noardeast-Fryslân. It stiet fol mei ferhalen, in gedicht, aardige weetsjes, in puzelside, in wedstriid en fansels in strip op de efterkant. En witte jim wa't der op de foarkant stiet? Dat is Menthe, ús berneboargemaster.

Yn it boek *Lânskipsbioğrafie fan Noardeast-Fryslân* kinst it ferhaal fan it lânskip yn ús gemeente lêze. In terp is in goed foarbyld fan hoe't minsken hjir eartiids wenje koene. Dêr wennen de minsken yn de tiid dat de seedyk der noch net wie om it hege wetter tsjin te hâlden. It wie in plak dêr't hja hûzen bouden en faak ek in tsjerke, bygelyks it doarp Ferwert, dêr't ik wenje. En sa binne hjir doarpen ûntstien. Witte jim hoe't jim eigen wenplak ûntstien is? En wêr't de namme fan jim doarp of stêd weikomt?

Ut it lânskip fan no kinst noch folle mear ôflêze. Fynst dat nijsgjirrich? Sykje dan it boek op de webside fan de gemeente op. Sa komt mear te witten oer it lânskip yn en rûnom ús stêd Dokkum, 52 doarpen en mear as 60 buorskippen.

Ik hoopje dat jimme nei it lêzen fan dizze Tsjil mear belangstelling ha foar de skiednis fan dit gebiet en oars nei it lânskip sjogge. En der miskien in bytsje grutsk op wurde. Want de âlde eleminten fan it hjoeddeistige lânskip binne troch ús fiere foarâlders makke en dêr meie wy op passe.

Ik bin der yn elts gefal wol grutsk op en mei-inoar moatte we der omtinken foar ha om it ek te behâlden foar de takomst.

Groetnis en in soad lêswille!

Hanneke Jouta


Wethâlder Noardeast-Fryslân



Poster

Yn 'e midden fan dizze Tsjil fynst in geweldige poster. De tekening lit sjen dat de natuer en de minsken hjir grutte ynfloed op inoar hân hawwe en fertelt ek wat er by welke streek past. Elke skoalle krijt in grutte poster foar yn 'e klasse en de lytse poster út dizze Tsjil kinst thús miskien wol in moai plakje jaan.

De poster is makke troch Reinout Krajenbrink.



Spoaren

as de glêde, rûne keutels
midden op 'e dyk lizze, wit ik
dat der hynders rûn ha

as de wâlen fan sleatten
wer strak yn it fjild lizze, wit ik
dat der hekkele is

as de tûken fan wylgen
op in bulte by de daam lizze, wit ik
dat der ien snoeit hat

sa kuierje ik troch it lânskip
mei automatysk omtinken
foar spoaren fan oare minsken

mar wêr liede se my hinne?
nei it lânskip fan de ferbylding?

as ik midden op 'e dyk
in waarme keutel útskyt . . .



as ik myn skoalboeken
yn de sleat smyt . . .

as ik de daam fan de kij
wiid iepenset . . .

. . . watfoar betsjutting
soe de folgjende foarbygonger
oan dy spoaren ferbine?

Menthe makket wat mei!

Yn it doarp Easternijtsjerk wennet Menthe,
mei har heit, mem en suske Brecht. Se sit
yn groep 8 fan KC de Wrâldwizer by har
yn it doarp. Neist it nei skoalle gean, mei
freondinnen ôfprate, turnjen, nifeljen en
cornet spyljen, hat Menthe noch in hiele oare
wichtige taak; sy is berneboargemaster.



Hoe wurdst berneboargemaster?

'De foarige berneboargemaster en twa minsken fan de
gemeente wiene by ús op skoalle. Sy fertelden dat der
in nije berneboargemaster socht waard en ik tocht by
mysels, dat liket my wol wat! Mar ja, ik wie net de iennige
dy't dat tocht. Der kamen wol tritich oanmeldingen
en fan dy groep giene der acht nei de finale.
Dy acht moasten in presintaasje jaan yn de
riedseal fan it gemeentehûs. Ik hearde by
de bêste trije en nei it meitsjen fan in
einopdracht kaam ik as winner út 'e bus.

Wat dochst as berneboargemaster?

'Fan de gemeente út haw ik in buddy, in
soarte fan maatsje dat fan alles regelet.
Ik bin as berneboargemaster belutsen by
in soad aktiviteiten, sa as befrijingsdei,
de admiraliteitsdagen, it iepenjen fan in
winkel of boarterstún en ik mocht
Sinteklaas binnen helje! Wy mochten
ek alris mei de hiele klasse
moarnsite mei boargemaster
Johannes Kramer yn it
gemeentehûs. Mar it bysûnderste
komt noch: op Keningsdei komme
kening Willem Alexander en
keningin Maxima mei harren
famylje nei Dokkum! Ik tink dat
27 april wol in hiel spesjale dei
wurdt dy't ik nea wer ferjitte sil.'

Hoe fynst it om berneboargemaster te wêzen?

'It fyn it hiel leuk om dizze
funksje te hawwen en wol ek tsjin
oare bern sizze: jou dy op om de
folgjende BBM te wurden!' Tagelyk

is Menthe ek 'gewoan' Menthe. 'Ik fyn it moai om
yn Nijtsjerk te wenjen. We kenne inoar allegear, we
binne op 'e hichte fan inoar en kinst maklik mei ien
ôfprate. Al myn freondinnen wenje hjir yn it doarp.
Wy wenje yn ien fan de leukste strjitten, mei in soad
bern. Wy hawwe ek altyd in fantastysk doarpsfeest
en dan meitsje wy mei de buert in fersierde wein.'


Wat draachst om dyn nekke?

'As ik yn funksje bin, haw ik de amtsketting om.
Dat is een spesjale ketting dy't makke is foar
de berneboargemaster. De nammen fan myn
foargongers steane der ek op. Op de middelste
en grutste hinger steane allegear ôfbyldings
yn it sulver; fierljeppen, skûtsjesile, in
skaats, in Fryske flagge yn de foarm fan ús
provinsje en fansels in Alvestêdekrúske.'

Wat fynst it moaiste plak fan Noardeast-Fryslân?

'Neist Nijtsjerk fyn ik Dokkum
it moaiste plak. Takom jier sil
ik nei in Dockinga College en
ik fyn it noflik dat ik al sa
bekend bin mei de strjitten
en winkels fan Dokkum.
Ik mei ek graach by de
optocht fan it doarpsfeest
fan Eanjum en simmers
achter de seedyk by
Peazens wêze.' In
goede rie fan Menthe:
'As wy no sunich mei
ús natuer omgeane,
kinne wy letter ek noch
genietsje fan alle moaie
plakken, bisten en blommen.'





‘Hé, hearsto dat ek?’, Lykele stiet ynienen stokstiiftil. Hy sjocht om him hinne, want út hokker rjochting kaam dat lûd no?

‘Huh, wêr hasto it oer?’, freget Janna en se set in pear grutte stappen yn it gers om tichter by Lykele te kommen.

Se boartsje, krekt nei skoaltiid, bûten yn it lân fan Janna har heit en mem. Sy hawwe dêr gewoanwei hynders stean, mar hjoed bin dy nei binnen om ’t de hoefsmid komt. In perfekt momint foar Janna en Lykele om it fjild ris goed te ferkennen.

‘Sst, beweech no eefkes net!’ snaut Lykele syn freondinne Janna ta.

Lykele knypt syn eagen hast ticht om noch better sjen te kinnen wat er siket. ‘Spletsj!’, heart er dan wer. ‘Dêr! Achter yn it lân moat it wêze’, ropt er nei Janna, wylst hy al in sprintsje lûkt.

‘Pff, no, Freek Vonk is ek wer los hear’, prottelt Janna. Mar stikem fynt se it ek wol nijsgjirrich genôch om de efterfolging fan har freon yn te setten.

‘Wow, sjoch dit dan’, Lykele hellet syn lears troch it wetter fan in lytse dobbe. ‘Wat is dit in moai marke!’,

seit Lykele wylst hy lâns de kant it rûntsje omrint. It is apart, want de wâl liket wol ophege. Krekt in mini-seedykje. ‘Wat soe dit no wêze?’, freget Lykele him lûdop ôf.

‘Dit is de pingoruïne’, seit Janna, ‘en hjir meie we eins net komme’.

‘In wat?’, Lykele sjocht har frjemd oan.

‘Myn heit en mem sizze dat dit wetter al hiel âld is’, leit Janna út, ‘it is hjir ûntstien yn de iistiid’. Lykele en Janna steane stilswijend nei it wetter te sjen.

‘Tsja’, seit Janna dan, ‘no drinke ús hynders hjir út. Lekker âld wetter net? Haha!’

Krekt dan komt der in grutte fin út de pingo omheech, slacht mei in klap op it wetter en ferdwynt dan wer yn de djippte. ‘Dat wie wat ik niis hearde!!’ seit Lykele skrokken, ‘Mar watfoar reuzefisk is dat wol net?!’ Ek Janna is ûnder de yndruk. ‘Jakkas, ik hâld net fan fisken’, seit se mei in fiis gesicht.

‘It like wol de fin fan in soort dinosaurus’, ropt Lykele út, wylst er it wetteroerflak goed yn ’e gaten hâldt. Dan moat Janna laitsje. ‘Dat kin ommers noait jong,

dat hat juf ús krektlyn noch ferteld. Dino’s libben nóch folle langer lyn. Boppedat, yn de iistiid wie dit in soarte fan heuveltsje. Pas doe’t it waarmer waard, kaam dat wetter boppe en bleau dizze dobbe oer’, fertelt Janna. ‘Hoe witsto dit allegear sa goed?’, Lykele sjocht syn freondinne op en del oan.

‘Omdat heit en mem sizze dat hjir wettermeunsters yn de pingo libje, dy’t it fersjoen hawwe op bern’, antwurdet se op geheimsinnige toan. Dêrom meie Janna en har suske noait te ticht by de pingo komme, oars kinne de meunsters harren deryn skuorre.

Lykele wurdt wat bleek om ’e snút. Sa dapper is hy no ek wer net en hy set alfêst wat stappen by de wâl wei. ‘Mar, dat kin dochs net, Janna. Dat is dochs in betinksel?’.

Se is eefkes stil. ‘Ja, dat tocht ik ek altyd, mar wat ik hjir no krekt seach, fyn ik earlik sein wol lestich ferklearber.’

Wylst Janna dat seit, komt de grutte fisk wer boppe en springt dizze kear noch heger. Se sjogge syn dûnkere eagen en spitske kop mei spikkels no hiel goed, foardat er wer yn it wetter ferdwynt. ‘Alderraast, wat in joekel!’ ropt Lykele út.

‘Hè bah, ik hie echt it gefoel as seach er ús oan’, rillet Janna.

Alle twa fine se it no wat spannend wurden. ‘Sille we oars mar wer ris op hûs oan?’, freget Lykele mei in sacht stimke. Janna fynt it goed en mei in aardige gong

rinne se troch it lân werom. Achter harren hearre se de fisk noch op it wetter slaan, mar beide doarre se net om te sjen.

As se ienris by it hûs fan Janna oankomme, treffe se mem bûten oan. ‘Wat sjogge jim nuver, is der wat bard of sa?’ freget dy.

‘Eh, no mem’, stammeret Janna, ‘ik wit dat we dêr eins net komme meie. Mar we hearden in lûd, en eh, doe gie Lykele der al hiel fluch hinne, en doe seagen we by de pingo in hiele grutte fisk, en ik tocht echt dat hy it op ús fersjoen hie’.

Mem moat laitsje. ‘Och och, jim hoege dochs net benaud te wêzen foar in snoek!’. Lykele nimt it foar syn freondinne op en seit: ‘Ja, mar Janna sei dat der wettermeunsters yn de pingo swimme!’

No moat mem noch mear gnize. ‘Leave skatten, dat seinen wy allinnich mar omdat we net woenen dat bern sûnder swimdiploma te ticht by it wetter komme soenen’.

Dat ferklearret in soad.

‘Dus no meie we wol by de pingo komme mem?’, freget Janna.

As dy ynstimme mei de holle knikt, bûget Janna har nei har freon: ‘No Lykele, dan wit ik wol wat we de folgjende kear dogge: angels mei en snoekfange!’.

Wjirmdolster

Eartiids bestie de befolking fan kustdoarpen foar it grutste part út fiskers en sa no en dan in boer of lânbouwer. Sy libben in sunich bestean. De fiskersfroulju hiene it net minder swier as harren manlju, dy't faak har libben riskearden troch by tij en ûntij de see op te gean. De froulju rûnen mei heech oplutsen rokken oer it waad om seepieren te stekken, dy't troch de manlju wer as ies (aas) brûkt waarden. It byld De wjirmdolster, makke troch Hans Jouta, is pleatst ta neitins oan dizze fiskersfroulju yn Wierum.



Pingo's

Yn it súdlike part fan ús gemeente binne pingo's te finen. Eins is de krekte beneaming pingoruïnes. It binne oerbliuwsels út de iistiid, doe't beferzen grûnwetter de boaiem omheech drukte. Dêrtroch ûntstie in heuvel. Doe't letter dat beferzen grûnwetter ûntteide, glied de grûn fan de iisheuvel en bleaune rûne markes efter mei in natuerlike grûnwâl der omhinne. In pingo liket in soad op in gewoane drinkpoel of dobbe foar fee. It ferskil is te sjen troch de karakteristike grûnwâl der omhinne, mar faak is dy ôfgroeven.




Gastles op Hegebeintum

Freegje fia dyn dosint in gastles oan foar dyn skoalle. Basis-, spesjaal of fuortset ûnderwiis, dat makket neat út. Do learst net allinnich fan alles oer de terpetiid, mar ek oer iistiden en it sonken Doggerlân. Sa'n les duorret ûngefear in oere. De gastdosint nimt in kiste mei archeologyske fynsten mei dy'tst besjen kinst. It is fansels hielendal geweldig as dyn klasse nei sa'n gastles op eigen skoalle op ekspedysje giet nei Hegebeintum. Sjoch op www.terphegebeintum.nl/onderwijs.



Ofgravings

De ôfgraving fan de terp Hegebeintum hat nei 1904 in grut tal weardefolle foarwerpen opsmitten. In wichtich part is, yn gearwurking mei it Fries Museum te Ljouwert, ûnderbrocht yn it Archeologisch Steunpunt, dat in ûnderdiel is fan it kennis - en ynformaasjesintrum Terp Hegebeintum. In mantelspjelde dy't út de sande iuw komt, kin as ien fan de moaiste fynsten beskôge wurde. Op basis fan dy fynsten kin konkludearre wurde dat de terp út de sechsde iuw foar Kristus datearret.



Skiep yn Burdaard

Burdaard stiet bekend as in gesellich doarp mei rekreaasje, in mûne en wettersport. It ûndjippe wetter, dêr't ek de Alvestêdetocht delkomt, is net allinnich belangryk foar de wettersport en fiskers, mar ek foar de hannel. It is de trekfeart tusken Dokkum en Ljouwert. Yn Burdaard hiest eartiids in soad skieppehannel. De skiep waarden oanfierd op skippen oer de Dokkumer Ie. Ta oantinken oan dizze tiid, is der in keunstwurk pleatst troch Hans Jouta. Wolst mear lânskipskeunst yn Burdaard sjen? Kom dan ris nei it Ruurd Wiersma Museum.



It terpelânskip

It Fryske kustlânskip hat in bysûnder skaaimerke: de terp. Terpen binne troch minskehannen opsmitten heuvels dy't beskerming biede moasten tsjin it opkommende seewetter. Se waarden geregeld ophege mei klaai, dong (mest) en húshâldlik ôffal. De measte terpen hawwe dêrtroch in hichte berikt fan 2 oant 7 meter boppe NAP. De terp fan Hegebeintum spant de kroan mei hast 9 meter boppe de seespegel. Om it jier 1000 hinne is it oanlizzen fan de seediken begûn en sûnt dy tiid ferlearen de terpen stadichoan harren betsjutting as flechtplak foar it opkommende wetter.



Fiskersfrou

It brúnzen byld Fiskersfrou, makke troch Hans Jouta, is op 8 maart 2008 ûntbleate by de betinking fan de stoarmramp fan 6 maart 1883, wêrby't 83 fiskers út Peazens-Moddergat en Wierum en 9 fiskers út Zoutkamp omkamen. It is in earbetoan oan de fiskersfroulju dy't achterbleaunen, neist al it fertriet dat se hiene, moasten se der ek foar soargje dat se de tiid trochkamen. Tagelyk is it in oade oan de sterke fiskersfrou yn it algemien mei har need en soarch.



Fleantúch yn seedyk

De seedyk is wichtich om ús tsjin it opkommende wetter te beskermjen. Mar foarich jier is der yn de simmer tydlik in grut gat fan sa'n 100 meter yn de dyk by Holwert makke. Under de dyk leine nammentlik de oerbliuwselen fan in fleantúch mei bemanning, delstoart yn de Twadde Wrâldoarloch. De Ingelske Wellington HE346 is boppe de grûn helle en foar de bemanning is der in betinking hâlden. Ut de seedyk by Hallum is in Dútsk fleantúch opgroeven en binne stoflike resten fûn fan de piloat.



Heech Wetter

De wyn luts oan Birka har hier wylst se oer de sâlte gersflakte rûn. Har fuotten ploften op de fochtige boaiem. Achter har, by de stream, hearde se har âldere broer Hadu roppen.

‘Birka! Weromkomme! It wurdt heech wetter!’

Mar se wie al te fier. Foar har, tsjin de grize loft, seach se it fee stean. De keppel wie troch it stek brutsen en swalke no oer de kwelders. As it wetter oan kaam, soene de bisten fersûpe. En sûnder fee soe har famylje de winter net oerlibje.

Birka wie alve. Se wist alles fan it tij. Elke Fries wist dat. It wetter kaam en gie, twa kear op in dei, krekt as sykhelle de see. Soms kaam it fier it lân op, soms bleau it fier fuort. Mar mei nije en folle moanne wie it altyd gefaarlik. Dan spiede it wetter oer de lege kwelders, en koe it alles wat libbe meinimme nei de kâlde djipten. It plak dêr’t de seegoaden wennen.

Jûn wie it folle moanne.

‘Birka!’ Hadu syn stim klonk no fierder fuort.

Se kaam by de keppel. Seis kij, twa skiep, en it kealtsje dat ôfrûne maitiid berne wie. De bisten hiene neat yn ’e gaten. Birka seach om har hinne. Yn it noarden, dêr’t de wrâld yn wetter oergie, krûpte in sulveren glâns tichteby. De floed.

It hert sloech har yn ’e kiel. Hoefolle tiid hie se noch?

Se pakte in tûke fan har riem – deselde tûke dêr’t har heit it fee mei op ’e kont sloech – en begûn de bisten werom te jeien. Mar de kij wiene dwers. It soppige kweldergers wie fierstente lekker.

‘Fuort! Husa!’ Se raasde, swaaide mei de earms, sloech mei de tûke op ’e kont fan de ko dy’t it tichtsteby stie. It bist seach har mei grutte eagen oan en kôge rêstich troch.

Achter har hearde se it pletsen fan wetter. Hadu kaam op har tarinnen troch in ûndjippe plas. Hy seach lil en wie read om ’e kop.

‘Heit sil dy de hûd fol skelle! Do hiest harkje moatten.’

‘Help my dan, kloat, yn stee fan mar wat te roppen.’

Se wurken tegearre. Hadu wie fjirtjin en sterker. Hy sloech in stik tou om ’e hals fan de âldste ko en begûn te lûken. Stadich, fierstente stadich, kaam de keppel yn beweging.

Birka seach dat it wetter al folle tichterby kaam wie. Net mear glânzjend yn ’e fierte, mar griis en skomjend. Noch mar in pear hûndert stappen by har wei. It kaam hurd no, as in libben wêzen dat oer de flakte krûpte.

‘Hadu...’

Har broer seach it ek. Hy wie bleek om ’e kop.

‘Lit it kealtsje gewurde’, sei er. ‘It kin net fluch genôch meikomme.’

‘Nee!’ It bistje wie har favoryt. Se hie holpen by it kealjen, hie sjoen hoe’t it syn earste wankel stappen sette.

‘We ha gjin tiid!’

Mar Birka draafde al werom. It keal stie te triljen op syn tinne poatsjes, seach mei eangstige eagen nei de see dy’t deroan kaam.

‘Kom. Kom, lytse.’

Se luts. It keal beweegde net.

It wetter wie no sa tichtby, dat se it hearre koe – in sêft, driigjend sissen. Aanst soe it har oer de fuotten spiele. En dan...

Ynienen fernaam se Hadu neist har. Tegearre tilden se it keal op, elk oan in kant. It bist spartele, mar se hâlden it beet. Se wâlden troch it sâlte gers, har fuotten sakken fuort yn ’e modder, it wetter golve achter harren oan.



Birka har earms diene sear. It keal wie swier, swierder as dat se tocht hie. Har foet glide fuort en se foel hast. Kâld wetter spiede har oer de ankels.

‘Trochrinne!’ hime Hadu.

Einlings seach Birka de ferheging yn it lânskip – it plak dêr’t har delsetting wie, krekt heech genôch om feilich te wêzen. Se seach donkere figueren: har heit en de oare manlju, dy’t rôpen en mei de hannen swaaiden. De rest fan de keppel wie al hast boppe.

It wetter stie har no oan ’e knibbels ta. Elke stap wie in gefjocht. It keal balte fan eangst. Birka har longen stiene yn ’e brân, de earms trillen har, mar se liet net los.

En doe, lang om let, field se de grûn omheechkommen. It wetter sakke har oan de ankels ta, wie doe hielendal ferdwûn. Se wiene op de ferheging. Feilich. Se lieten it kealtsje los, dat fuortendaliks nei syn mem ta rûn.

Birka foel op ’e knibbels yn it gers, hymjend. Neist har die Hadu itselde. Achter en ûnder harren streamde it wetter fierder de kwelders oer, glânzjend en skomjend yn it moanneljocht. Oer in pear oeren soe it him

weromlûke. En moarn soene se de skea opnimme.

Mar jûn wiene se feilich. Allegear.

Heit kaam op har tarinnen. Birka sette har skrep. Hy soe wol lil wêze. Mar hy lei allinne syn grutte hân by har op it skouder.

‘Dapper’, sei er. ‘Mar stom.’

Hadu gniisde, noch hieltyd hymjend. ‘Oare kear harkest nei dyn broer.’

Birka gniisde werom. ‘Miskien.’

Se seach nei it lân dat no see wurden wie. Op in dei, tocht se – en heit hie it har ferteld – soene se de ierde heech opsteapelje, heger en heger, sadat it wetter har noait wer berikke koe. In heuvel fan klaai en grûn en dong, heech genôch om foar altyd feilich te wêzen.

In terp, neamden de âlde minsken it. In heuvel yn it flakke lân.

Mar dat wie foar letter.

No telde allinne dat se hjir stie, wiet en kâld en libjend, yn it ljocht fan de folle moanne.

NOARDEAST-FRYSLÂN

IT FERHAAL FAN ÛS LÂNSKIP

150.000 JIER FERLYN: IT WIE SA KÂLD ...NOARDEAST-FRYSLÂN LEI ûnder ûnbidich grutte iiskappen (gletsjers). Doe't it iis teide, ûntstienen der djippe slinken en brede modderstreamen.
 10.000 JIER FERLYN: OP 'E NIJ WIE IT HJIR TIGE KÂLD. DE BOAIEM WIE BEFERZEN. DER WIE GJIN SEE; MEN KOE NEI INGELÂN RINNE! DER GROEDEN AMPER PLANTEN. DE WYN SOARGE FOAR IN METERS DIKKE LAACH SÂN OER SAWAT HIEL NEDERLÂN. IT LÂNSKIP LIKE IN TIGE KÂLDE WOESTYN.




OP DE GRINS FAN DE SEE EN IT FÊSTELÂN ûntstie NOARDEAST-FRYSLÂN. IT LÂNSKIP SEACH DER NET ALTJD SA ÛT LYKAS NO. DIKKE LAGEN GLETSJERIS, IISKÂLDE WOESTINEN, GRUTTE BOSKEN EN MOERASSEN...IT WIE DER ALLEGARRE. DE SEE HIE IN SOAD YNFLOED EN KRONG DJIP IT LÂN YN. NOCH FIERDER AS DÊT DOKKUM NO LEIT. DOE'T MINSKEN HAR HJIR NEI WENJEN SETTEN, FEROARE IT GEBIET. DE TEKENING LIT DE RYKDOM OAN FERHALEN SJEN ... DE FERHALEN FAN IT LÂNSKIP!

PINGO'S EN FEANFOARMING



SA WIE IT HJIR SA KÂLD DAT DE BOAIEM ALTJD BEFERZEN WIE. OP SOMME PLAKKEN KAAM WETTER OMHEECH. TROCH BEFRIZING ûntstienen der iishelvels (pingo's). IT KLIMAAT WAARD WAARMER, IT IIS TEIDE EN DE HELVEL SAKKE YNNÔAR. WAT DER OERBLEAU WIE IN PINGO-RUÏNE. IT WAARD HIELTYD WIETER EN DÊTROCH ûntstie der FEAN. ELKENIEN GIE FUORT.



It ferhaal fan ûs lânskip

Do wennest en/of giest nei skoalle yn in plak yn de gemeente Noardeast-Fryslân. Alles dat dêr boud, delset of fersierd is en alles wat dêr bart, is troch minsken betocht. Tagelyk is elkenien ôfhinklik fan it lânskip. Hoe moai is it om dat ris wat better te besjen?



Fragen by de poster

- Op de poster sjochst allegear stikjes út de skiednis fan de gemeente Noardeast-Fryslân. Dit is fansels gjin kaart út in atlas mar dochs silst der wol gebieten yn herkenne. Kinsto op de poster oanwize wêr't dyn hûs of skoalle ûngefear stiet?
- Hiel lang lyn koest fan Fryslân nei Ingelân kuijerje. Hoe wie dat mooglik? Do fynst oanwizingen op de poster.
- Do sjochst op de poster dat it wetter altyd in belangrike funksje hân hat yn ús regio. Kinsto in pear fan dy funksjes opskriuwe?
- Op de poster kinst sjen dat de minsken altyd hurd oan it wurk wiene. Kinsto in pear útfiningen/bouwurken neame wêrtroch't minsken gjin wiete fuotten krigen?
- Rjochts fan Dokkum sjochst op de poster in fabryk. Wat waard der yn dit fabryk (en yn soartgelike fabriken yn Fryslân) makke yn de 19de en 20ste iuw? De kij om it fabryk hinne jouwe al in hint!
- De minsken op de poster hearre allegear by in groep, in berop, in plak of in lân. Hokker groepen minsken sjochsto op de poster?
- It leauwen hat oeral op 'e wrâld, dus ek yn Fryslân, ynfloed hân op it lânskip. Wat sjochst dêr op de poster fan werom?
- Tsjintwurdich kinst oeral yngrediïnten helje fan resepten út allerhande streken en lannen. Op de poster kinst sjen dat it iten eartiids fan tichtby kaam. 'Ite wat de pot skaft' en oars giest foarby. Hokker iten en smaakmakers sjochst op de poster? Bepraat it mei dyn skoudermaatsje of groepke.

Sydstrjitsje

Wy wenje allegear yn in strjitte, oan in leane, in reed of in plein. Alle strjitten fan Fryslân hawwe nammen. Ea hawwe minsken dy namme betocht. Faak is in strjitte ferneamd nei in histoarysk persoan, in wichtich gebou of it lânskip. Wêr komt de strjitnamme wei dêr't dyn hûs of skoalle oan stiet?

It Paradyske

It Paradyske leit krekt tsjin it doarp Kollum oan. It Paradyske is eins no in strjitnamme dêr't ûngefear 13 adressen by hearre. Hiel lang lyn hjitte de streek it Leechlân.

It klinkt as is it in paradys. Dat fûnen de nonnen út in kleaster by Feankleaster, de 'Olijfborg', en de muontsen fan Gerckeskleaster ek. Se troffen inoar dêr by it wetter om by te praten oer harren leauwen. Sa'n plak mei wetter hjit in 'pingo'. Hja seinen dat it in 'zalig streekje' wie! Yn 1954 hawwe de bewenners dêr keazen foar dizze prachtige iuwenâlde namme. It Paradyske is noch hieltyd in prachtich kuiergebiet.



Griene Wei



Yn Noardeast-Fryslân, en dan benammen yn it meast noardlike part, komt gauris de strjitnamme Griene Wei of Griene Reed foar. Mar leafst sân kear en ek noch ien kear de Alde Griene Reed. Dat dy strjitnamme yn it noarden fan Noardeast-Fryslân sa'n protte foarkomt, hat te krijen mei de oanlis fan seediken yn dizze kontrijen. It is hjir meast boulân en dat jout by't winter in grize kleur. Seediken waarden oanlein fan modder en ferstevige mei griene seadden: dy griene kleur fan it gers foel op mids de boulannen. Dy griene diken binne al hiel âld want yn 1543 wurdt al skreaun oer de 'Groenewech' yn Eastrum.

Hoe't ús lânskip feroare

No sa!

Stel dy foar: je fytse hûndert jier werom yn de tiid, nei it begjin fan de 20ste iuw. Do komst oan yn it gebiet dat wy no kenne as Noardeast-Fryslân. Dêr sjochst' lytse doarpkes, ferspraat oer in lânskip mei pleatsen, wynmûnen en kleurrike blommegreiden. Der rinne kij, skiep en hynders yn it fjild. Oeral hearst it balten fan kij en it sjongen fan greidefûgels. Mar ast weromfytst nei hjoed, sjocht it lânskip der hiel oars út... Wat is der yn dy hûndert jier allegear bard?



In koarte skiednis fan Noardeast-Fryslân

De gemeente Noardeast-Fryslân bestiet noch net sa lang. Yn 2019 binne de âlde gemeenten Dongeradiel, Ferwerderadiel en Kollumerlân en Nijkrúslân gearfoege ta ien grutte gemeente: Noardeast-Fryslân. It grutste plak yn dizze gemeente is Dokkum, in âlde stêd mei in rike skiednis. Troch de iuwen hinne libben minsken hjir benammen fan de lânbou en fiskerij. De boaiem wie fruchtber, en der wiene in soad boeren dy't kij hâlden of it lân bewurken. In soad minsken wurken op it lân of op de buorkerij.

Minder minsken, mear masines

Yn it begjin fan de 20ste iuw wiene der yn elk doarp meardere buorkerijen. Faak wurken der in soad minsken op in pleats, mei de hân of mei help fan

hynders. Eartiids moasten bern ek faak helpe op it lân as by de boer op 'e pleats. Dêrtroch giene se net mear nei skoalle of hiene se minder tiid foar learen. Mar fan de jierren 50 en 60 fan de foarige iuw ôf kamen der hieltyd mear masines. Trekkers, molkmachines en oare apparaten makken it wurk flugger en makliker. Dat klinkt goed, mar it betsjutte ek dat der minder minsken nedich wiene op it lân. In soad lytse buorkerijen koene de konkurrinsje net oan en moasten ophâlde. Der bleaune allinnich gruttere boeren oer. Tsjintwurdich binne der noch mar in pear boeren yn in doarp, wylst dat der eartiids wol tsien of tweintich wiene. Troch dizze feroarings ferdwûnen in soad banen yn de lânbou. Minsken lutsen fuort út lytse doarpen om wurk te sykjen yn de stêd. De doarpen waarden stiller, skoallen sletten en foarsjenningen ferdwûnen.

Wurdlistke

gearfoege = samengevoegd
boaiem = bodem/grond
buorkerij = boerderij
hynder = paard
betsjutte = betekende
tsjintwurdich = tegenwoordig
de wize fan = de manier waarop
eartiids = vroeger
nôt = graan
reid = riet
besykje = proberen
siedzjen = zaaien
greidefûgels = weidevogels

It lânskip feroaret

Net allinnich de wize fan wurkjen feroare, ek it lânskip sels. Boeren woene sa fluch en maklik mooglik wurkje. Grutte masines kinne better út 'e fuotten yn rjochte, romme stikken lân. Dêrom waarden sleatten dimpt en houtwâlen (dat binne rigen strûken en beammen) fuorthelle. Eartiids stiene de fjilden fol klavers, kowebloemes, bûterblommen en pinksterblommen. Dêrtroch kamen der ek in soad ynsekten, fûgels en lytse bisten op ôf. Tsjintwurdich sjochst foaral raaigers: in hurdgroeïend gers dat goed is foar kij, mar saai is foar de natuer. Der bloeit hast neat mear yn dizze gersfjilden. En oer kij praat: sels dy sjogge je minder as eartiids. Eartiids rûnen de kij hast it hiele jier bûten. No stean se faak binnen yn grutte stâlen, om't dat makliker is foar de molkeproduksje. Sa ferdwine ek de bisten út it lânskip.

Wynmûnen yn ús lânskip

Eartiids hie hast elk doarp ek wol in mûne dy't nôt mealde; mûnen yn it fjild mealde it wetter út 'e polders. In soad fan dizze mûnen binne sloopt, omdat se net mear nedich wiene: elektryske pompen en moderne gemalen dogge no dat wurk. Gelokkich binne der yn Noardeast-Fryslân noch sa'n tweintich fan dy âlde wynmûnen oer, dy't goed ûnderhâlden wurde as monumint. Se dogge ús tinken oan eartiids. Sjochst no ek moderne wynmûnen yn it lânskip, heech en wyt, bedoeld om elektrisiteit op te wekken. Se passe by de moderne tiid, mar in soad minsken fine se minder moai as de âlde mûnen fan hout, stien en reid.

De ynfloed op minsken en beroppen

Trochdat de lânbou sa feroare is, binne der ek in soad beroppen ferdwûn. De measte minsken wurkje no net mear op it lân. Se hawwe banen yn de soarch, it ûnderwiis, de technyk of wurkje yn de stêd Dokkum as oare stêden. De doarpen binne lytser wurden, en jongeren lûke faak fuort. Gelokkich binne der ek minsken dy't krekt yn dizze rêstige omjouwing wenje wol, bygelyks omdat se hâlde fan de natuer of graach bûten binne. Guon boeren besykje no op in oare wize te wurkjen. Se kieze foar biologyske lânbou, litte wer blommen groeie yn harren greiden of sette har yn foar mear bioferskaat. Sa besykje se it lânskip wer in bytsje werom te jaan oan de natuer.

Werom nei in libben lânskip?

Gelokkich is der de lêste jierren mear omtinken foar it ferdwûnen fan blommen, bisten en âlde lânskippen. Der binne projekten begûn om houtwâlen werom te bringen, blommegreiden te siedzjen en greidefûgels te beskermjen. Boeren krije somtiden help of subsidzje as se rekken hâlde mei de natuer. We kinne net hielendal werom nei hoe't it eartiids wie, mar we kinne wol besykje om it lânskip fan Noardeast-Fryslân wer moaier, kleurriker en natuerliker te meitsjen. Want in lânskip fol blommen, fûgels en kij is net allinnich goed foar de natuer, mar ek foar de minsken dy't der wenje.





Seeslaadsjips

Seewier, elkenien wit wat it is. Dy slimerige blêden tusken de teannen, ast op in waarme simmerdei de see yn draafst. Glysterich en grien. Moatst goed útsjen datst der net oer útgliedest. Seewier is der yn in soad kleuren, soarten en foarmen. En smaken! Want guon soarten seewier kinst ite!

Dat is ek sa mei seeslaad, trochsichtige griene blêden. Dy binne gewoan yn ús Waadsee te finen. De smaak is in bytsje te fergelykjen mei spinaazje en hjit yn it Welsk *Welsh Caviar*, sa lekker fine se it dêr yn it Feriene Keninkryk. Seeslaad is hiel sûn, troch de aaiwiten,

izer en kalsium dy't deryn sitte. Ek befettet it in soad fitaminen en mineralen. Us beppe seit datst it sa fan de see út opite kinst, of waskje en yn in salade brûke, mar miskien is it lekkerder om dit simpele resept te brûken.

Wat hast nedich?

- 1 feltsje ryspapier
- wat seeslaad
- in pear dripkes oalje



Wat moetst dwaan:

- ferwaarmje de oven op 200 graden
- doch bakpapier op de ovenplaat en doch hjir in pear dripkes oalje op
- meitsje it ryspapier wiet en lis it op de ovenplaat op de oalje
- doch wat oalje op de seeslaad en lis dit boppe-op it ryspapier
- 8 oant 10 minuten yn de oven bakke oant alles knapperich wurden is
- Lekker ite!

Leppelbekken

Ha jim wolris in leppelbek sjoen? Dat is in hiele moaie, grutte wite fûgel mei in hiel spesjaal foarme snaffel. Yn de foarm fan in leppel. Ast dy ien kear sjoen hast, ferjitst dat grif net wer! De leppelbek wie hast útstoarn, mar mei help fan in tige aktive groep minsken is gelokkich it tij keard en kinst de leppelbek hieltyd faker yn Fryslân oantrefte.



Dizze fûgel is in trekfûgel dy't yn 'e hjerst nei Afrika fljocht en yn 'e maitiid wer weromkomt. Yn desimber waard bekend dat der ek in tal leppelbekken besykje om op Skiermûntseach te oerwinterjen. Dat is net brûklik mar wa wit is dat troch ús mylde winters yn de takomst faker mooglik.

leppelbek yn syn of har libben makket. Dat is hiel wichtich om maatregels nimme te kinnen as der him in situaasje foardocht dy't in bedriging foarmet foar it oerlibjen fan dizze fûgel en syn soart.

Der is in hiele moaie film makke oer it libben fan de leppelbek. Dy fynst hjir: <https://npo.nl/start/afspelen/de-lepelaar>. Hielendal oan it begjin fan de film kinst sjen dat se yn it Lauwersmargebiet oankomme om wat iten te finen. Dat is by Ezumakeech.

Tafallich wie de fotograaf fan de foto's dy'tst hjir sjochst ek yn Ezumakeech oanwêzich doe't ien fan de leppelbekken in grutte podde wist te fangen. Wat miskien ek op de foto te sjen is, is dat dizze leppelbek rinkjes om syn poaten hat. Dat is dien sadat minsken dy't de fûgel sjogge, it ringnûmer of de kleuren fan de ringen trochjaan kinne oan de 'wurkgroep leppelbek'. Mei sa'n werommelding kin de wurkgroep in byld krije fan de tochten dy't de



Op de oare foto's kinst sjen wat it ferskil is tusken in folwoeksen en in jonge fûgel. De snaffel fan de jonge fûgel hat noch net de swarte kleur dy't er as folwoeksen fûgel wol hawwe sil. Ast de tiid hast: besjoch de geweldich moaie film mar ris en gean dan letter ris op besite by de fûgels yn it Lauwersmargebiet. Dat is de tiid en muoite wurdich!



Op paad troch de gemeente

Fûgelpits – Moddergat

Yn Moddergat is de Fûgelpits te finen. It is it plak dêr't sike fûgels en oare bisten opfongen wurde. Kinst der in rûnlieding krije, mei iten of in *high tea* nei ôfrin. Mar ek krûdekuiertochten, túnworkshops en sels natuergeûskunde foar húsbisten binne mooglik. Om't it jild kostet om de bisten goed te fersoargjen, is de Fûgelpits yn 2015 in 'kringloopwinkel' begûn. Koartsein, wis de muoite wurdich om der ris hinne.



Streektaaldörpn ien Noordoast-Friesland

Naast 't Fries wordt der ien 'n paar dörpn ien oonse gemeente 'n streektaal praat. Ien de stad Dokkum is dat 't Dokkumersk en ien Kollum 't Kollumersk, beiden hietn 'Stadsfries'. Maar dan hest ok nog de dörpn Boerum, Kollumerpomp, Muntjesiel en Warfstermeuln. Hier wordt Suud-Lauwerslands praat, de taal diest nou aant leezen bist! 't Mooiste sol weezn ast altied dien eign taal van thuus praatn kinst. Bij disse streektaaldörpn staan gien Friese plaatsnaambordn. Ien de gemeente Noardeast-Fryslân bestait 'n werkgroep om de streektaaln levend te holdn. De werkgroep werkt saam met de gemeentes Achtkarspelen, Dantumadiel én 't Grunningse Westerkwartier.



Kollumer museum

Ut museum in Kollum wil wat sien late over de foarbije tiid'n fan Kollum. En d'r is feul over te fertell'n. In froêger tiid'n lag Kollum so'n bytsje an see. Dêrom kwamm'n hier feul boat'n om te handel'n met f'ral lânbouprodukt'n. En dêrdeur war hier feul werk. In later tiid sôrgden ok de groate buut'nplaats'n (buut'nhuus'n) foar feul werk. Jim wete fast wel dat de Frâns'n hier un tiidlang de baas war'n. In 1797 hadd'n se feul soldat'n noarug. Se dôchten dat de dienstplicht wel helpe kú. En dêrom kreeg ok Abele Reitzes uut Boer'm un oproep. Dy dôcht, dat overleef ik nyt en hij skreeuwde keiha'd: 'Oranje bov'n'. De Frâns'n war'n beledigd en goaid'n him in ut hônnegat onder't rechthús, dat war de gevang'nis. En al heel gau wist elk'nien ut. Toen bevrijde un kwaaije menugte him. Hoe't ut ferder ging, kin jim sien in ut museum.



Flaaksmuseum yn Ie It Braakhok

Ast leare wolst hoe't de minsken eartiids klean makke, as se gjin wol brûke woenen, dan is dit echt in oanrieder. En moaier noch, kinst der hielendal fergees hinne. It lytse, pittoreske museumke sit midden yn it doarp Ie. Alle ynformaasje kinst sels op boarden lêze en der is in soad te sjen. Ast dochs wat útlis hawwe wolst, dan meist in frijwilliger belje. Of kinst it ferhaal lêze yn it boekje *Het meisje en de magische vlasbloem*.

Streekargyf Dokkum

In streekargyf is in argyf dêr't allegearre ynformaasje sammele is oer de skiednis fan in streek. It Streekarchief fan de gemeenten Noardeast-Fryslân, Amelân en Skiermûntseach sit yn de bibliteek fan Dokkum. Hjr kinst telâne ast bygelyks dyn famyljeskiednis útsykje wolst of witte wolst wat it Dockumer Lokaaltsje no einlings wie. Om't ek famyljes harren foto's, plakboeken en oare saken doneare oan it streekargyf, kinst hjir meastentiids folle mear ynformaasje fine as op ynternet te finen is. Want net alles is digitalisearre. Faak kinst de ynformaasje fuortendaliks kopiearje. Handich! Leuk om ris mei dyn pake of beppe te dwaan!



In Dokkum wurdt Dòkkumers spoken

Ut Nederlâns is de offisjele taal van Nederlân en ut Frys is erkend as tweede rykstaal en wurdt fanself feral in de provinsje Fryslân spoken. Dêrnaast binne der streektalen of dialekten, wêronder ut Dòkkumers. Ut Dòkkumer Stadsfrys is in de 16de ieuw ontstaan út ut kontakt tussen ut Frys en ut Nederlâns fan handelaars en bestuurders. Disse kontakttalen wurde jammergenoëg steeds minder brûkt in de dagelukse omgang. Dêrom wil *Ut Genoatskap* foar ut gebrûk fan ut Dòkkumers de spreektaal fan ut Dòkkumers su feul moogluk brûke en fastlêge nou't ut nòg kin. Kyk mar us op oans website www.dokkumers.nl.



Trochstreekpuzel

Dizze puzzle stiet fol mei saken dy't mei ús moaie gemeente te meitsjen hawwe. De letters dy't oerbliuwe foarmje in wurd. Skriuw dit wurd yn in e-mail en stjoer dy foar 1 maart nei tsjl@cedin.nl. Skriuw dúdlik dyn namme, groep en skoalle yn it e-mailtsje. De gemeente hat in moaie priis beskikber steld, wa wit winsto dy!

U	O	R	F	S	R	E	K	S	I	F	U	F	N	D
S	T	R	E	E	K	T	A	A	L	O	I	E	O	N
T	A	G	R	E	D	D	O	M	B	S	P	N	J	P
F	E	R	W	N	O	A	T	N	K	R	G	I	I	R
I	D	E	E	D	Â	S	Â	E	E	E	K	N	R	L
S	I	I	R	L	U	L	R	T	R	D	G	S	E	E
K	E	W	D	K	E	S	R	A	E	O	A	K	K	G
E	R	E	E	S	B	P	D	E	R	K	S	I	R	Û
R	G	E	R	O	E	I	P	U	M	K	T	E	O	F
S	E	S	A	F	E	E	Ï	E	P	U	L	P	U	E
H	M	T	D	L	R	N	D	Y	L	M	L	A	B	E
Ú	M	W	I	R	E	D	N	Y	H	B	A	L	A	S
S	O	A	E	S	M	Û	N	E	K	L	E	R	O	I
K	L	A	L	Â	H	O	U	T	W	Â	L	K	N	K
E	B	D	R	E	T	S	L	O	D	M	R	I	J	W

BLOMMEGREIDE	FISKERSBOAT	KIJ
LEPPELBEK	RAMP	STREEKTAAL
BUORKERIJ	FISKERSFROU	KLAAI
LÂNBOU	SEEDYK	TERPEN
DOKKUM	FISKERSHÚSKE	KOLLUMERLÂN
MODDERGAT	SEEFÜGEL	WAAD
DONGERADIEL	HOUTWÂL	KUST
MÛNE	SEEWIER	WJIRMDOLSTER
FERWERDERADIEL	HYNDER	
PINGORUÏNE	SKIEP	

Antwort:

							-								
--	--	--	--	--	--	--	---	--	--	--	--	--	--	--	--

Grpkes



1. Hoe neemst in hûn sûnder poaten?
2. Kenst dy grap oer de blom?
3. Wat is grien en sit op in stek?

Antwoorden

1. It makket net út hoe'tst him nearmst. Hy komt dochs net.
2. Yn it Ingelsk is er flauwer (flower).
3. Ferve.



Sudoku

1	3	4	2
		3	
			4
4	1	2	3



**Eefkes skoft by see
Fûgels en skiep yn de wyn
De kop is wer leech**

Wa makket de moaiste lânskipfoto fan NEF?

Witsto in prachtich plakje yn de gemeente NEF? En wannear binne it waar, it ljocht en de loft passend by dyn ideale plaatsje? Sjoer dyn lânskip- of natuerfoto foar **1 maart 2026 nei tsjil@cedin.nl** en set yn it mailtsje dyn namme, dyn wenplak, dyn skoalle, dyn groep of klasse en wannear en wêr't de foto troch dy makke is. De moaiste foto's komme yn it gemeentehûs te hingjen en de winner wint syn/har foto op kanvas.

Bisto net sa handich mei in kamera mar wol mei wurden? Meitsje dan in haiku fan dyn favorite lânskip yn NEF. In haiku is in gedichstje fan trije rigels; de earste rigel hat fiif wurdlitten (lettergrepen), de twadde sân en de tredde wer fiif. De haiku mei yn it Frysk, Nederlânsk of in streektaal sa as it Kollumers of Dokkumers skreaun wêze. Mailsto ús dyn haiku? De moaiste haiku's komme yn it gemeentehûs te hingjen.

In fisk op it drûge

